

U s F r y s l â n.

'k Mei de Fryske wolkems lije
 Dy 't der driuwe, heech en fier;
 Faeken, as mei goud omgetten,
 As mei parlemoer trochsketten,
 Sims ek driigjend, tsjûk en skier !

'k Mei de Fryske lannen lije,
 Dy 'k oerwâdsje mei myn foet ;
 Oan dy lannen, oan dy heiden,
 Oan dy bouwen, oan dy greiden,
 Hingje ik mei myn hiele moed !

'k Mei de Fryske fammen lije,
 Mei hjar sêft, oannimlik aert,
 Mei hjar roune, reade wangkjes,
 Mei injar golle, bliere sangkjes,
 Mei hjar gol en frjounlik praet.

'k Mei de Fryske minskēn lije,
 Oan de Fryske seden trou ;
 Friezen, dy 't yet Friezen binne,
 D'egen tael yet sprekke kinne,
 Yn hjar wille en yn hjar rou !

En ik freegje : God des Himels,
 Jow ús âlderljeafste lân, —
 Hwent Jo ha dit lân ek roppen ! —
 Hwet it ha moat, myld fen Boppen,
 Ut Jo mylde Heitehân !

IN FRYSKÉ JONGE.

ALD EN EAREM.

De bliere maitiid song oer 't opgrienjend ierdryk. De strange winter wie alnes wiken der op ôfgien. It dagenlengjende foarjier hie it nije libben oproppen en it wie kaem. It sveve út gjerssprút en blédknop yen tomiette en it bloeide al yn 'e finneblomkes, dy ljeaf hjar kopkes bitwisken it greidegrien opsjen lieten nei de kleare, blauwe loft. En heech boppe it ierdryk song it ljurkje, kwealk to beëagjen, syn liet, sa swielûdich, sa hertforhefjend, det men ynsliks fiele koe, det hy syn sangkjes trilje liet ta de eare fen Him, Dy 't it kieltsje mei sa'n himellûd bijeftige hie.

Maitiid, maitiid, o ho ljeaflík bistû, ho nochlik saeistû del oer ús grounen, om ús Fryslân mei nijs libben to bijetten! En it sprekt allegear fen jong en kréftich libben, fen libben, dat de dea oerwoun hat!

Ek it minskdom, mei ryklike gjalpen de mylde maitiidslucht ynamjende, fielt it bloed mei kréftiger slaggen troch de ieren brûzjen, en sjongt en juchet mei.

It tsjucht út nei de to-wekker-wirdende fjilden, om dêr it nije libben to bifoarderjen en to stjûren. Dy 't arrebeidsje kin, is blier to moed fen de moarne ta de joune skriпsum op it fjild.

Dy 't arrebeidsje kin is dwaende, siker, mar net allegear kinne arrebeidsje. At wy him dêr sa bihyplik hinne stroffeljen sjugge, dy âldman dêr, den kinne wy it fen tinken wol ha, det hy noait gjin arrebeidsjen wer yn 't sin hoegt to hawwen. Hwet waggelje syn skonken, hwet skokt syn hiele lea, en hwet trillet syn holle. De ynfâl-lene wangen tsjûge, det hy syn biters vrijhwol kwyt is, en oan de eagen, wetterich en úngedien, as yn 't únwisse foar hjar út stoarjend, is to merken, det it skerpste sjen de âldman ek lang al úntkomd is. Foun Klaes, sa is de man syn namme, gjin steun oan syn gongelstokje, den scoe hy ek gjin tsien stappen mear dwaen kinne.

Sjuch dēr yn 'e smoute op it bankje foar it hūs fen syn bernsbern, by hwa hy ynwennet, giet er sitten om efkes wille to hawwen fen de bliere netuer, foar safier at det foar syn ófslige sintugen yet mūglik is. Is 't net krekt, eft de winter hjir njue by de maitiid sykje wol? Sjuch, de goudene sinne blierket oer syn inkelde silverene hierren!

‘Is twiskenskoft, en dērom gean ik efkes by him sitten. By al itjing, det him troch älterdom úntfallen is, is dōchs syn forstān yet vrij helder bleaun, en wol men him oan 't praten ha, den moat men, lyk as wol mei mear älde ljue, oer de älde tiid bigjinne en den rekket er net sa ringen útpaet. Sy, dy 't hjir net folle libbensdagen mear to weitsjen ha, forkeare fack-en-folle mei hjar geast yn it forline.

„Moai waer, Klaes, nou?”

„Och sa, Fetse! Ja dēr libbet men yetris fen op!”

„Sok moai waer is 't bij 't maitiid ek altyt net, it is dit foarjier ek bysonder, jo scille tominsten wolris oare mai-tiids bilibbe ha”.

„Nou at ik! ja hear, sims stiene Maeije de foergen yet blank fen wetter, det is nou lokkich in bulte oars.”

„Ja, sa ha ik it ek al in paer kear opmirken, en den komt der by 't simmer trochstrings ek in bytsje fen 'e fruchten tolânnie!”

„Det 's fensels, mar de simmer kin 't den ek yet al wakker úngelyk meitsje, fen in moaije simmer hinget de haedsack óf.”

„Wis, nou it is altyt noflik, at it hwet tsjinstich waer is, en der goed hwet makke wirdt.”

„Soa? nou at de boeren al in bulte makken, det het my yet noait net folle jown. Ik koe wrotte en wraemje, en sy stieken de sinten yn 'e búse.”

„Ja, wrotten en wraemjen is for úsljue skering en ynslach”. Ik wol de älzman net tsjinfalle, mar ik fiel hwol, det de älde hwet skerp bigjint to wirden yn syn sizzen.

„Ja, dy boeren, ik moat der net oan tinke; — minder as in houn bin ik faek fen hjarren behanle woarn, en nou 't ik net mear for det folk yn 'e skrep kin, mei 'k oan 't doarp gean, en kin 'k fen 't great yeslok ite!”

„Jo haw it frijhewet op de boeren forsjoen, wol 'k leauwe!”

„Det 's to bigripen; 'k ha yn myn feintwēzen by ien fen

'e bēsten wenne, en dy sei altiten: „Ik wol myn folk goed foerje, hwent it is krekt-allyk mei hjarren as mei myn hynsders: jow ik hjar gjin genôch to iten en to biten, den kinne hja ek gjin genôch dwaen.”

„Hwet tinkstu, det ik net fieldie, det wy mei de boer syn bisten yn 't lyk steld waerden? Nou goed foer ha wy by de man hawn, mar wy moasten ek by him ezelje, hear! En den moast it ris yn 't heawirk wêze, det it spil net al to goed foar'enoar stie, den flokte en ketterminte hij alles byien. En sa wierne se *do* hast allegear — it is *nou* aerdich better, ik sjuch wol, det der *nou* lang safolle net flein wirdt as eren.”

„Dos, jo tinke al det de boeren nou better binne, as foar sa'n tweintich-tritich jier!”

„Better? ja det wit ik net, mar de arrebeiders krije mear to keap, en nou moat det folk hjar hwol skikke. Ut hjarsels diene sy it net, dēr leau ik neat fen!”

It loek nei trijen, en dērom moast ik op 't lân sjen to kommen. „Ik moat foart, nou, dag Klaes!” en hjirmei sakke ik óf.

Ik koe yn 't foartgean 't net litte yet efkes om to sjen nei de älzman, dy der nou sa iensum op syn bankje sit-ten bleau, en ik koe teffens net litte, by my selme op to merken, hwet in great únderskie der op dizze wrâld wêze kin. Om my hinne de bliere maitiid, alles mei jong libben bijettende, en tomids yn det opgroeyende en opbloeijende libben, — in kochelich älzman, as in toar blēd yn in yn folle fleur steande roazetún. Maitiid en winter!

En foar my út seach ik in mûtel jongfaem, ien dy it libben yet boartsjende yndounse, en dēr efter my siet in roungear mantsje, dy troch 't libben kroep, om mūglik mei gauwens, al perbearre hy yet sa om syn tiid hjir to rekjen, sjen to moatten, det hy de ein birikke hie. Underskie! hjir it blierhertige, fleurige sin fen in jongtsjirl, en dēr de forbûke en delsleine geast fen immen dy, al miskearre it him just net oan helderens, dōch troch dy helderens safollesto ynliker fieldie, yn hwet bishyplike omstannicheden hy syn lèste libbensdagen trochwoar-stelje moaste.

En yet klagen yn myn earen dy wirden, sa fol bitte-rens útspritsen: „oan 't doarp, fen 't great yeslok ite!” Ja, det is 't lot, nei in libben fen wirkjen en switten!

Wirkje, skritte, fen moarns-ier ta joun-s-let, salang de lea it folhâldt, en dan . . . genadebrea ite! Ald to warden, elts sjucht der nei út, det him soks barre mei en dôchs — is 't net better weinaem to warden yn it mids fen yen dagen? Is 't sa net in great krûs om âld to warden?

* * *

Dêr sit de âlde op syn bankje, en mei 't er praet hat oer 'e tiid, dy 't himmebung om nea wer to kommen, komme de bylden út syn jonge dagen, bûnt troch-in'oar heistere as forjage snieflokken en ôfwaede beamsblêdden, yn syn siele opbrûzjen.

Hy ek hat jong west, jong en fleurich en mei in mai-tiisk sin. Yn 'e tiid do 't hy nei skoalle gong, hwet hat er lokkich boartte mei de jongkjes en famkes, hwet hat er in nocht en wille hawn! Mar ek, hwet hat er in nocht en wille hawn, letter, do 't hy, feint warden, allinne mar mear mei de famkes boartte! Al mocht dêr den ek al tsjinoer bigjinne to stean, dat der ek yet al hwetoars yn 'e wrâld foar 't krijen laei as boartsjen. Hy wie om 'e nocht net trijeris yn ien jier by syn boer fendingne roun, om 't it him net nei 't sin gyng. Mar det de silen op 'e hakken nimmen, koed er do yet dwaen; sterk en byderhân at er wie, koed er wol wer in oar plak krije. Ja, hy hie sterk west, en syn geast hie sterk west, sterk en greatsk, hy hie 't net forneare kinnen, det byfaorbild dy miggel fen in boer. Sweitse him it wirk forbetterje miende to kinner, en him fen dy prippers oer syn forhâlding ta Symk under wetter troch joech.

En wer tocht er der oan, hwet moaije jounen det wierne at hy Symkje nei hûs ta brochte, en hwet oangename ûren det wierne, at hy by det do sa krease fanke opset. De „koejenaesje“ en „negerderij“, lyk as hij it regear fen de boer went wier to neamen, foel er him safollesto lichter om.

Nou, der wie hwet oars op 'e wrâld út to heljen as boartsjen, det hied er opmirken, do 't hy oan 't wiif rekke wie. Bodsje, klauwe om de mûle syn gerak jaen to kinnen, en om hwet om 'e latten to hâlden, det wie de oarder fen 'e dei — jier út, jier yn. By 't winter yn 't braekhok, by 't summer op 't lân efyn 'e sleat. En hy hie net efterút west yn syn wirk, hy koe brake tsjin de bêste, hy koe

ploegje, det de foerge sa rjucht waerd as in tried, en meane hied er kinnen — oardel poumsmiet deis, en den koart by de groun om-en-ôf! Ja, der wierne hwet folle switdripkes fen sines fallen, en det om om it deistich stikje brea to biskarreljen. En det brea — faek hie it to tin wézen, en jamk hie de bûter en 'e tsiis der op — net to sjen wézen. Rom mei soks om to smarren — hy hie der gjin hûshâlding nei hawn. Ridlikjes gau in great hûsgesin, in keppel lytse bern om 'e hut en den in bulte sukkelerij yn 'e hûshâlding, hiene wol makke, det alles al op 'e tûme heint wirde moast.

Ja, hy hie wet switdripkes falle littin, foaral by 't simmer efter de seine, ef at er de headrager yn 't hjitte hea stiek, om rôk nei rôk byeltsjoarme to tògjen, ef at er yn 'e sleat stie to slatten en bout nei bout op 'e wâl smiet ef wol, at er it mei skepmudder to dwaen hie, de wêke blobber efter it biwâlsel saeide, bij hokker gelegenheit it faek bard wie, at de wynde kant fen 'e sleatwâl útwei kaem wie, det tagelyk mei it swit de stjonkende kringjerij him bij 't antlit delroun. En den mar mei alle lijen en earmoedsjen troch 't libben komme to kinnen, it biskriuwit hwet!

Yn 't kâlde melklân, by 't hjerst, at it moarns ierde-tsjuster wie, hat er omtôge, en yn 't hjitte búthús to-mids fen pûstende en blaesjende hynsders en koubisten omkrüst.

Wier, it libbea hat jamk sûr west; yn 't skoft, ûnder de boer, dy 't in sobere deihier joech, stean to moatten, en den troch syn greatske krop mar kwealk, det jinge hwet hy for stankjes biskôge, forswolgje to kinnen — yn 't skoft switte for in oar, en twiskenskoft en nei heal-jounstiid op eigen ikkerke dwaende to wézen, en it oansjen to moatten det den dizze, en den dy fen syn hûsgenoaten omgoarre en op bêd omtôge moaste — wier it libben him wol hwet jamk sûr west.

Yet swarter wurde de skaedbylden, dy 't omdounsje foar syn geast, at hy tinkt oan dy-en fen syn berntsjes, dy 't hy ófstean moaste oan it tsjustere grêf, syn berntsjes, dy, dêr hja nea net folle to iten en to biten hawn hiene, hja in lijereflich bisteant foartsleepje moatten hiene, syn berntsjes, dy, hiene se al nin moaije roune troanjes hawn, him dôchs nei oan 't hert leinen. Ommers, hy wie der heit fen!

O, hwet hie it do in tjustere tiid west! Slach op slach wie folge. 't Wiif — de bloeijende rounheit fen hjar troanje wie al lang wei west, de roaskes wierne fen 'e wangen ófreage werden en hjar eren sa blier flikkerjende eagen sieten dof yn hjar holten — 't wiif rekke út 't bistjür, kaem to lizzen, laei wiken oanien, en howol it sims like, det it hwet bettere, op 't lëst wie it to sjen, det er gjin forwin mear op wie. It siikbed waerd in stjerbèd. Eat hie hy him net bigripe kinnen, en det wie, det it wiif, det yn hjar souné dagen sa opspinne koe — ek tsjin him, at hja in misse boai hie — nou op it siikbed jimmer sa duldich werden wie yn hjar lijen, en det hjar eagen sims sa'n wündere glans hiene, at hja der in inkeld wird oer útere, det hja ynsliks wol forlangst hie, dit libben to forlitten en hinne to gean nei de himelske wente.

„Mar ik den, en ús berntsjes, ho scil 't dêrmei komme?“ hie er op in kear snokkerjend frege.

„O wis, ik sjuch der o sa tsjin oan jim, dy 't my ljeaf bin to forlitten, mar wy moatte yn 'e wille fen 'e Heare biréstigje, en hjur boppe krij ik it better“.

„Né, dêr kin 'k net by mei myn boereförstân!“ hie er spytgnyskjend sein, mar daliks dêrop moeide it him, det dy werden út syn mûle slúpt wierne, hwent hy hie sjoen ho 't der in smartelik skaed oer Symkje hjar foarholle teach, en dérom forhelle hy syn werden den ek mei to sizzen: „Wier fanke! wier, it docht my sa sear, det ik dy hjur sa lizzen sjuch, mar ik kin my dyn werden net bigripe!“

En det wie ek nei wierheit sein. Det der suver neat wie nei dit libben, scoed er net sizze, mar om nei det únbikende to forlangjen, né det koe hy him net bigripe! Fen godstsjinst en sok spil moast hy noait net folle ha, tominsten fen 'e fine ljue net: mei fine ljue en fine rein rekket men ommers it measte bidragen! Mei nei in „frijsinnich“ dominy sa ris om 'e oare wike sneins ienkear to hearren, miende hy syn part der al oan dien te hawwen. En dominy sei it ommers ek: hwet oan 'e oare igge fen it grêf leit, — wy witte 't net! Mar dôchs, syn wiif like det nou wol to witten, en sy wie der lokkich mei, det koe men hjar dûdlik oansjen.

Do 't syn wiif him úntfoel, hwet wie er der ridderslein sitten bleaun. Syn áldste bern wierne jonges, en it áldste

famke wie yet net iendris tsien jier áld. Lykwols, hja moast fen 'e skoalle óf, en sa goed en tsjoed it goung, de húshálding bistjûre.

En sa sweevje en dounsjie de bylden út it forline de áldman foar eagen om. Arrebeide hat er, arrebeide salang at er eat koe; salang at er eat koe yn 'e swirste sile litsen. Foartjage, foartswypke wie er troch it izeren „moatten“! De áldste bern gyngen it hûs út, seagen hjar scls to rédden, jagen do hja feinten en fammen wierne, de boel der troch, en do 't se trouwd wierne, wie 't earmoed troef, lyk as 't mei him ek west hie en wie. O det skrippe to moatten en ynsliks net mear to kinnen! En den jouns mei de ófboalde lea thús to kommen en to hymjen nei rêt!

Sa dwilet syn libben as ien great tinkbield fen lijen troch 't wirrich brein. Einlings wie 't den safier kaem, det him it werken úntkaem, en hy by syn berntsberen ynrekke wie. Roungear is er nou, in forpuchele hûd hat er oerhalden, it ein fen 't libben is gau birikke, en hwet hat er bidijd? Súver neat!

Syn berntsberen krijt in goune wyks ta syn únderháld fen de fâden: hy wit, det de jonge dêr net mei út kin; hy wit, det Sytse, dy 't it sels ek al net breed hat, út barmhertichheit for pake fen sines der by opofferje moat, en det is yet in ljochtpunt op syn álde dei, howol dit ljocht ek al wer heal-en-to-healle fortsjustere wirdt troch it tinsbyld fen 'e jowne stikken libje to moatten en by in finen-ien yn 'e hûs to wézen. Hwent syn bern en berntsberen, dy 't yn geloafssaeken yn heite foeteasten wâdsje, moatte lykwols fen de áldman-sels neat ha. „Elk for him sels en God for ús allegear“ is hjar tinkwize. En Sytse is fyn en — barmhertich!

Lykwols, al stiet hy mei de iene foet yn 't grêf en mei de oare op 'e rânne fen dy kûle, ta Sytse syn geloave seil de áldman him net bijaen. Det is hy sa net wend, en der went er him ek nea oan, scoed er sa wol sizze, hwent fest stiet by him it tinsbyld: hwet oan 'e oare side fen it grêf ús weitset, — wy witte 't net! Ja, al mei it stjerbèd fen syn wiif him sims hjiroer yn fortlijzen bringe, hy is dôchs bisletten, om it sa leauwe to bliuwen. De bibel, nou, dy kin wier wéze, mar der is mear kâns op fen net! hy scil tominsten foarearst yet mar net oannimme, hwet det álde boek yen to foaren hâldt.

Fen dy finen moat hy ynsliks ek neat ha. Ja Sytse is fyn en bipaeld in bêste jonge, mar hy hat oars fen dy finen net folle goeds ûnderfoun. Dy ljue knipe de kat yn 't tsjuster. Mei hjar hollein op 'e side en hjar útstritsene troanjes mei dy fromme fâlden der yn bin it dôchs mar de greatste skurken fen 'e wrâld. Nou, nou, dit wit er mar al to goed. Hwent hy is ommers jamk troch dy alderfynste boeren útfoeteren en útflokt warden, at er net al to onfoech woe nei dy ljue hjar sin. En de earen sieten hjarren ek mar alderskandalichste nei oan 'e holle, it wie eft om dea scoe, at sy in arrebeider in fetsoenlik deihier tatelle moasten. Den wierne sy, dy 't nearne oan leauden yn det opsicht yet better. Glûperts en neperts wierne 't, dy finen en oars neat! Hy kin der him lilk oer tinke. Mar Sytse, lit him fyn wêze, is dochs in bêsten-iен.

Sa sit âlde Klaes op syn bankje, sa hat er dêr al langer as in ûre sitten. „Kom!” tinkt er, mei 'ter in sigen-tsje bigint to fielen, „it wirdt jouniger, lit my mar ris wer binnendoar sjen!”

En foaroer búgd, op it stokje leunjend, strampelt er kocheljend it hûs yn.

* *

Ald is hy, ticht bij 't grêf stiet hy, yet in lyts wyn-pûsje en dérynen leit hy, en den? . . .

Earem is hy, jown brea yt hy, hjur omtôgje moat hy, ho lang ef ho koart yet, en den? . . .

Earem is hy, earem nei de wrâld, mar hwet yet slimmer, folle slimmer is, hy is brea-earem nei syn siele, hy hat gjin schat yn 'e himel, mar syn herte is mei haet opfold, haet tsjin de boeren en de finen, — útsjen op in hearlik libben nei dit earmlik libben bistiet der net, bistiet der net for him, de earme!

Ald en earem, earem yn 'e folste sin fen 't wird, sa libbet hy. Ho lang yet? . . .

FETSE GREIDEMA.

SELSKIPSNIJS.

DOKKUM. Tiisdei, de 1ste fen Wintermoanne, de jouns om 8 ûre, is to Dokkum in forgearing hâlden fen ús Dokkumer Selskipleden, om to kommen ta it foarmjen fen in krite. Yn in brief, dy ik hjur oer krike, stiet:

„It is bêst ôfroun, kin ik jo sizze. Akkerman fen Aldeboarn spriek, en hy hat my, en ik leau sizze to meijen, al de harkers, tige soldien. Ik tink, der scille sa'n 80 harkers west ha, en do 't de iépenbiere gearkomste ôfroun wier, joege hjar daliks 32 persoanen op, om lid to warden, hwerunder ek 8 frouljue, en ik hab ('t is de krite skriuwer, dy hjur oan 't wird is) ik hab der ek al wer 1 bykrige, dat is al 33. It bistjûr bistiet út 'e hearen:

P. WESTRA, Ealsum, *1ste Foarsitter*.

Y. VELLINGA, Dokkum, *2de Foarsitter*.

JOH. HEIDEMA, Dokkum, *Skathâlder*.

JOH. J. v. d. WERFF, Dokkum.

A. M. WYBENGA, Niawier, *Skriuwer*.

Ta sa fier myn briefskriuwer. Dokkum hat nou syn krite. De earste fen ús Selskip.

Dokkum wier de earste Fryske stêd, wêr yn 'e tjustere heidenske tiden in Christelik tsjerkje bouwd waerd, al wier it dan ek in houten en mei reit ditsen.

Dokkum wier ek de earste Fryske stêd, hwêr yn 'e bange Spaenske forfolging de lytse griffemearde gemeinte om in eigen domeny frege oan de fluchtelinge-tsjerke to Emden.

Dokkum hat faekernôch foaroan stien yn 'e skiednis fan Fryslân.

Nou stiet it foaroan as krite fén it Christlik Selskip for Fryske tael- en skriftenkennis. Wy winskje er Dokkum lok mei en hoopje, dat de krite folle dwaen kin om de Christene-Fryske taelbiweging to stypjen.

EASTERBIERUM. Nei Dokkum is Easterbierum bigoun om in krite to stiftsjen. Ik wist wol, dat wy yn 'e Biermen drege meidoggers hiene, dy hwet kiñne, as hja it bisykje wolle, mar det hja al sa fier wierne, dat hja in krite habbe, al is it dan ek mar in lytsket, det is in meifaller for my. Dy ljue scille it iens wêze mei âlde Adsje Lammerts, alear boargemaster fen Ljouwert, dy by syn libben for sprêkwize hie: „'t Is mei sizzen net to dwaen“. Folle kin ik fen de Easterbiermer krite net meidiele op dit stuit.

H y s j u c h t ú s.

Kin' wy ek de minsk forbline
Mei itjingé det wy skine,
Mei in hântsje-gaue set,
Strui' wy sâñ ek yn syn eagen
Mei hwet w' ûnbiskromme leagen,
By de Heare lokt det net.

Sitte wy ek al fol liepens
For de Hear is inkeld iep'nens,
For Syn each leit alles bleat.
Alle tsjustumisse wicket
Hwer de Alsjénde it hert trochsiket;
't Nachtlikst donker let Him neat.

Hy, dy 't oer 'e folken 't stjûr het,
Dy fen alle dingen 't roer het,
Dy de minsk ek skepen het,
Hy, Hy ken ús, Hy trochfynt ús,
Hy trochsjucht ús, Hy trochskynt ús,
Him forrifelje kin wy net!

Ear 't ús foet yet op 'e gang is,
Ear in wird yet op ús tong is,
Wit Hy hwet wy wirkje woll';
Ja, nei wûnderwize wetten
Wie al yn Syn rie bisletten
Alles, hwer 't wy 't hert mei foll'.

Him, de rjuchter fen de herten,
Him, Dy 't wit, det wy sa swart bin,
Om 't men Him nin ding ûntteach,
Him kin men gjin leugen sizze,

Aller minsken paeden lizze
Unbiditsen for Syn each.

Noait kin we ús yn kronkels wine,
Sa, det we yn Syn eagen skine
't Jingé det wy dôchs net bin.
Sondaers, dy 't mei fromme fâlden
Moaij hjar for de minsken hâlde,
Bliuwe yn 't Godseach like min !

Hy, sa great, sa fier omfierren,
Boppe wolkens, boppe stjerren,
Sjucht fen dêr op 't minskdom del ;
Sjucht ús hjir as wjirmkes wrotten
Oan de foetbank fen Syn foetten,
Hat as stofkes ús yn tel.

Mar scœ dêrom God net witte
Hwet wy dogge, hwet wy litte ?
Ja, Hy is ús flak neiby !
Neat, det út Syn each ea skiedde,
Himmel dôchs en sé en ierde,
Lucht- en stofryk follet Hy.

Lit ús dêrom altyd stribje
Om for d' eare Gods to libjen,
Den, den hoege wy gjin skyn,
Den scil we ek ús sels forrykje,
En itjingé det wy lykje,
Der leit groun en wierheit yn.

IN FRYSKÉ JONGE.

De Bûrljue.

„Moat it den altyd sa bliuwe, heit?“

„Och fanke, jow dy net yn dingen, dêrst' gjin forstân fen haste!“

„Forstân ha ik dêr müglik net folle fen, mar dit wit ik wol, it heart sa net to bliuwen. Ik mien ek, det it yen yn 'e tsjerke wol oars leard wirdt!“

„Ja fanke! mar dominys hawwe fen ús saeken dôchs it rjuchte bigryp net; en boppedet, tochtstu det dy ljue altyd krekt digen, nei 't hja ús to foaren hâlde?“

„Heit, de bibel seit it ommers ek, det men yens broeren hjar kwea, det hja yen oandogge, forjaen moat. En heit leaut dôchs wol oan 'e bibel, is 't net sa?“

„Ja, yens broerren, mar dû scilst my dôchs net wymeitsje wolle, det Lou Krânsinga myn broer is? Dy giet tominsten noait nei tsjerke, en súpt en flokt as in earme krygshelt.“

„En dôchs heit, it kin sa net; en sa 't heit Klaes bihan-néle hat, is ek fier fen moai! Hwêrom mocht dy jonge, mei det weintsjefol gruden dy reed net láns ride? Hwêrom dêr sa'n heibel om út to jaen?“

„Dy reed is mines, siz ik dy!“ stau Willem Krânsinga nou op, „mines, nou witst' it, en ik scil witte hwa ik dêr op láns ha wol. Ja dû moatst nedich in goed wîrdsje for Klaes dwaen! Folle, detst him hjir yet net ris hinne troaid hast.“

„Klaes is dôchs in goede jonge, heit. Dimmen by 't jongfolk, en warber op 't lán, is 't net sa? Mar dêrom is 't yet hwet oars, om der nei út to sjen, det hy op in Sneintojoun ris komt!“

Det moast der tominsten ek yet bykomme. Stel jy foar, myn ienichst bern scoe mei forrin fen tiid it wiif wîrde fen Lou Krânsinga syn soan! Ik scoe 't net oerlibje kinne! Mar det bart net, — noait, noait!“

Allinne troch it tinzyld oan sa'n müglikheit tynden boer Willem syn ieren oan 'e sliepen fen 'e foarholle fen ilkens op. Klaske seach nei de groun; sy wist wol, det

itjingje, det sy niis kreksa oer dit stik fen saeken sein hie al it úterste wie, al hie se fen hjar gedachten oer Klaes hjarsels yet noait gjin rekkenskip dien.

„Mar heit, al is Lou in forkearden, dêrom mei wy soks dôchs yet net op Klaes wreekje; en bûtendien, hwet scoe 't noffik wêze, det wy as bûrljue yn frede mei eltsjoar libben! Hwet lies heit earjister yet yn 'e bibel? Ommers, 'in goed bûrman is better den in frjeon, dy 't fierôf wen-net.“

„Ja ik wit wol, hwêrom ast' der sa omhinne praetste, en mei tsjerke en bibel op my takomste! It is dy om Klaes to dwaen, al liest niis al sahwet útkomme fen net. Mar ik siz dy: det scil net barre; dû Klaese faem, Klaese wiif? Noait! nou wist it, noait!“

„Mar heit, hwa praet dêr oer?“

„O, en den tochst miskien, det ik net wiste, detst Klaes sa jamkris oanglimkest, at hy yn dyn each in brike set dien hat? Wel jister ha 'k jim yet togearre praten sjoen, en hwet hiest in nocth, nou?“

„Mei ik den net iendris mear frjeonlik mei oare minsken prate?“

„Wis wol, mar net mei him! Net mei in soar fen Lou! 't Is al moaijernôch, det wy ús beide Krânsinga skriuwe; neijer gemienskip moat en scil der net twisken ús femyljes wêze.“

„Mar heit, om det eintsje reed? Ik woe ljeaver!“

„Och fanke, der sit yet folle mear! Bimoei dy dêr nou ek mar noait wer mei. Det bin dingen, dy 't my oangeane. En prakkesearje ek mar noait wer oer Klaes. Ik bin baes fen myn goed en myn bern. En nou is 't út! Ik wol der gjin praet wer oer hearre.“

En boer Willem Krânsinga stapt it bûthús del, nimt de pols oer 't skouder en trapet de finne láns. Yn syn effterste trêddeheal hat hy it hea nou in pear dagen yn 't swé hawn to lizzen, det koe wolris keard wîrde moatte; lykwols wol er for de wissichheit der sels earst yetris hinne to sjen.

It petear fen niis-kreksa brûzket yet iderkearen troch syn brein. Det fanke, hwet mient hja wol mei hjar heit sa de les to lêzen. Mar det hiele getsjansel oer tsjerke en bibel hat oars neat to bitsjutten as it mei-er-tiid yet safier to krijen, det Klaes yetris oerwaeijen komt to joun-praten. Fensels, sy hellet der hwet omhinne, mar at hy

Klaske hjar dwaen en litten fen 'e lêste moanner ris nei-giet, den kin hy wol taeste en fiele, hokker kant at dy út wol. Mar det scil der net ynsteaan, nou net en noait net. Och hwet in lést, hwet in krûs op 'e álde dei. Scoe det fanke den noait wizer wirde? Noait dwaen, lyk as hjar heit hjar hijt? Sy hat hjar der kreksa op 'e bibel bিroppeп, nou dêr mocht hja sels ek wol nei dwaen. Is it net de plicht fen in bern om syn álden únderdanich to wézen? Ja, det scoe hy de iene ef d' oare kear hjar wolris únder 't forstân bringe.

Sa mimert er, towylst er oer lânnen en sleatten nei syn trêddeheal tatsjucht. Hy hat der yet in moaije sneed neiwooun hea yn to lizzen, at det hwet flottet, kin er dêr yet gau fiif reden úthelje, mar it is ek al safier mei de tiid hinne, det der gjin heal dei forsomme wirde moat.

Lit ús, wylst de boer oer 'e swéen stapt en hjir en dêr in lokje optilt, ris sjen ho 't it skeel mei boer Lou en him yn 'e wrâld kaem is.

* * *

At men de Stinsumer kant út weikomt, en men kuijert dan de púndyk lâns, dy 't nei Bontsjerk laet, kriget men oan 'e rjuchterhân al ridlik gau in mannich arrebeiders-wentsjes, en gjin heal fiif minuten letter, komt men njonken in pear brijante boerespinnen, elkmes tige eptien en kreas efter in pear rigen iperenbeammen biskûle. De earste fen dy beiden is in foarhûzing mei in skûrre, dy 't lâns de wei stiet, en hwaens finsters oer 'e wei it fjild ynsjugge; de twadde is in grote stjelp, hwêrfen de gevel ek nei de wei útstiet, en dos mei de rûten de selde kant útsjucht as de huzinge. Men kin merke, det de hân goed oan dy beide wenten hâlden wirdt, om 't hja, al meije hja al in hûndert jier áld wêze, hwet de ankers foar op 'e gevels útwize, dôchs yet net for áldsk en forsutere útskeld wirde kinne.

Yn it bigjin fen 'e foarige ieuw binne hja dêr beide delset wirde litten troch Klaes Krânsinga, destiids de greateste boer fen Stinsum. Hofolle poumsmietten lân dy man yn eigendom hie, doar ik net krekt sizze, mar it siet om ende by de fjirdel hûndert. It wie den do ek Krânsinga foar en Krânsinga nei, at der yn 'e tsjerke- en riedsaeken hwet to bisljuchtsjen wie; en der koe neat sùnders barre, ef Krânsinga moast er oer rieplachte wirde.

Det de man dêrtroch gânsk in bytsje smoar krike, hoecht yen neat to forwunderjen. Earst wenne er yn in áld stjelp, álders-erf, mar det ding wie him net mear nei 't sin, en hy liet en nijen-ien der foar yn 't plak sette, folle moaijer en kreazer as it áld „ratteklaester“ fen syn pake.

Lykwols, mei 't hy twa soannen hie, en dy njonkelytsen oan trouwen tochten, moast der yet in spil by komme, scoene hja beide plak krije kinne yn 'e foarâlderlike kontreijen. En sa liet de áldboer yet in skûrre mei in foarhûzing op 'e finne sette. Dêr kaem de áldste soan yn to wenjen, do 't er únder de lange tsjinst gyng, en hei in jier mannich rekke de jongste oan 't boerkjen op it álders-like sté. Alles waerd flink yn 'e es brocht. De álde greft waerd slatten en forwide; der waerd in nijen-ien om 'e nije huzinge hinne groeven; leanen waerden der oanlein en mei rigen iperenbeammen biplante, ja neat waerd er mijd, om útkomme to litten, det álde Klaes Krânsinga jild hie en forstân om det op it rijchte plak to brûken, sadet dejinge, dy 't de modderwei dêr lâns swabbere, — pûndiken wierne der yn dy tiden yet net — sizze moast: hjir op „Krânsinga-sathe“ en dêr op „Krânsinga state“ is it spil yetris foar-in-oar, in bulte boeren, dy 't dêr in puntsje oan súgje kinne.

Lykwols, ho moai it spil fen bûten ek allegear like, do 't de álde heit it boerkjen oerjoech, de ienichste dochter troude, en hjar part út álders-erf meikrige, rekke der al mei gauwens in kinkel yn 'e tried twiske de biwenners fen 'e sathe en de state. De áldste soan wenne op de nijboude sathe, de huzinge; en de jongste yn 'e state, de stjelp, — en nou wie 't de áldste mar danich yn 'e wei, det syn broer yn det keet, mei grote letters op 'e hameije hie to stean fen: „Krânsinga-State“, mar hwet scoed er der oan dwaen? Heit hie 't sa wold en dêrmei wie 't út. Hjirtroch kaem it, det de áldste fen syn broer, yet al hwet in bluisterige baes, neat útstean koe, en sa rekken se oer alderhande wisewasjes, dy 't neat om 'e hakken hiene, gauris oan 't kibjen. Lyk as wol faeker snoen wirdt, gyng it hjir ek: de femylje wie to ticht by eltsjoar bleaun.

Ek únder it neiteam fen dizze ljue bleau it skeel bisteant; sommes bêdde it in bytsje del, efkes letter boaze it wer mei nije krêft oan, en sa tsjampere det al foart, sùnder det immen insliks rjucht wist, ho 't de ein fêstsiet. En nou, al binne der jierren oer forroun, det Klaes

Kränsinga syn soannen de holle delleinen, dochs sit twisk den biwenners fen dy pleatsen, elkmes yet leaten út 'e âlde stamme, yet altyd de âlde wrok. Ja, it is der yn 'e lêste jierren sels hird minder op wirden. Do 't Willem Krânsinga boer waerd, sneupte er op in liddige joune ris yn 'e âlde pompieren fen syn foarâlden om, en do fûntdiek er, det in eintsje reed yn syn efterútlânnen, det Lou syn eigendom h jitte to wêzen, insliks sines wie. Dos moast foartoan Lou oan him permisje freegje der lâns ride to meijen, ynpleats fen krekt oarsom. De oare moarne al bitiid waerd de fynst oan Lou meidield. Dizze woe dêr neat fen witte en kaem al ridlik gau mei hege wirden op 'e lappen. Willem spatte ek danich op fensels, en dêr hiene jy de poppen oan 't dounsjen. De saek waerd foar de hearen brocht, rjuchtsjen en yetris rjuchtsjen kaem dêr út foart; der waerden mear duiten mei forgriemd as at it hiele eintsje reed wurdich wie, en folle mear wirden oer sein en skreaun, as at er gérssprûtsjes oan 'e kanten fen it paed woechsen. Einlings: Lou moast bilies jaen, en Willem waerd forkleare eigender to wêzen.

Nou woe Willem fensels net hawwe, det ea wer ien fen Lou-en-dy's it weage, om syn foetten op dy reed to setten. En mei for Lou det eintsje oars ek sa geryflik laei, waerd det for him al hwet in lêstige boel. Lykwols at der net ien fen 'e bûrljue to sjen wie, makke hy wol gauris brûkme fen det geryflike eintsje. Mar den moast Willem det ris wer yn 'e noas krije! Den kaem de loft op, en waerden der ruvere wirden swaeid; ja, it gyng sims by 't krijen om-en-ôf.

Nou hie Lou ien ûngelok oer him, en det wie, det er wol gauris to djip yn 'e romer seach, en wie 't alris in pear kearen bard, det er fen Bontsjerk út wei-skean-oer kaem wie, sleat oer, sleat yn. Sadwaende kaem er vrijhwet forsutere by 't wiif oan, mei de beide knibbels út 'e broek, en in hânfol eineflach yn 'e nekke. Sa mäl gyng it nou wol net alle dagen, mar hy brûkte it „Skiedammer wiet“ dochs wol gauris. Bigoan Willem den ris tsjin Lou to hespelen, at dizze wer hwet fen 'e „neimakke Harmeraalje“ preaun hie, den tominsten gyng it fen 't boppeste boerdtsje, en sei Lou wolris dingen, dy 't er nochteren net sein hie. Waerd Willem dêr iensdiels safolleste kûgelsder troch, oan 'e oare kant hied er him jamk formakke, det Lou syn boerkerij troch de man syn sûpen frijhwt

yn 'e underwâl rekke; ja, sims hie Willem wolris tocht: hy stout yetris oer 'e klink, en bytiid scil ik sjen, safolle mânsk to wirden, det ik det spil der by keapje kin; den bigjint it hijr wer op it âlde Krânsinga-spil fen nêst hûn dert jier, dêr myn pake my yn myn bernejierren wolris oer forteld hat, to lykjen.

Mar nou wie yn 'e lêste jierren for boer Willem dy hope gânsk in stik ynkoart. Lou syn soan, in roune, golle jonge, hie neat fen syn heite aerd, mar dimmen en biskeiden gyng er syn wei, towylst er oars nearne eagen en earen for skynde to hawwen as for syn heite boerkerij. Moarns-ier en jouns let wie er warber. Nou hijr en den dêr, ja sims scoe men sizze: oeral tagelyk. At Lou dos al yn 't jier in twa- trijehûndert goune forpimpele en forgrimed, det lette oan 't spil sa goed as neat. Tominsten der wie gjin kâns op, det de saek dêrom oer 'e kop stouwe scoe. Nammensto nytliger tocht Willem him, as er oer syn bûrljue prakkesare. Klaes mocht er alhieland foar syn eagen net sjen, hwent dizze wie 't, dy 't him it útfieren fen syn greate plannen sonder det de feint er sels ien greveltsje fen wist, bilette. Derby wie der op Klaes ek gjin fet to krijen, hwent dy laei noait oan in minsk in strie yn 'e wei; in inkeld kear at er it insliks net mijne koe, wie er det eintsje reed lânsriden, en fierders hie er him altyd safolle mûglik fen Willem syn persoan en gerjuchthheit ôfhâlden.

* *

Sjësa, det kin moarnier, at der net al tofolle dauwe fält, dalix wol keard wirde, — tinct Willem, nou 't er wer, by de achtehealen om, op hûs yntsjucht.

Lykwols, al wâddet de boer troch syn eigen lânnen, dêr 't er by oare gelegentheden al syn tinzen by ha scoe, nou komme syn gedachten hielitten wer op it petear fen niis-kreksa en itjinge der oan foarôf gyng, tolânné. Klaes wie jister det forbeane paed wer lânsriden, dy smjeunt, en hy, Willem, hie him deroer mar fiks it lexum lêzen. Klaske hie op 't grêftshout stien, en sadwaende de biskrobbing oanheard.

„Och boer!“ hie Klaes sein, „ik koe dochs ommers ûnmûglik mei sa'n weinfol op dy weake boulânsreed lânsride, de tsjillen sakje der oan 'e toellen ta ynwei!“

Willem wist soks wol, en in stim yn syn herte hie him

ek biskuldige, det hy de jongfeint om neat fakseare, mar dêr wie er tsjinyg gien, en nammensto mear hied er hege wirden brukt. Klaes wie op 't lêst stil oafsakke.

Ja, jister hie syn gewisse him biskuldige, det hy forkeard hannelle, en hjoed spriek dyselde stim ek al wer mei foarsje yn syn binnenste, ho jerne hy dy ek ta swijen bringe woe. Hy wist ommers wol better. Fen jongs-ôf-oan hied er nei in rjuchtsinnich dominy nei tsjerke ta gongen, en hy lies deis fêst twaris út 'e bibel in kapittel lûd-op. En hied er ek gjin bilidenisse dien en nou al jierren oan-ien yn 't hokje sitten? En hie dominy ek net alris in reis-twaris der in slach nei slain: oer forkearde forhâldings, en ho moai at it is det broerren yn iendracht mei-in-oar libje? En wist er ek net, det wy for ús fijannen bidde moatte? Ja, hy wist it oars wol better, mar om yn 't deistige libben yn tapassing to bringen, hwet hy sneins hearde, det wie in swier stik wirk. Jimmer hied er him der mar in bytsje ôfmakke, mei to tinzen: in dominy is in dominy, en it is sa'n soldaet net wys to meitsjen, ho 't in boer oan 'e kost komt.

En stie der net tsjinoer, ho'n súper at dy Lou wie? Frjeon mei him wirde? Né, noait! Mei Klaes den?.... Ja, in goede jonge wie 't, mar,.... en wer spoeko Willem de tins oan it mislearjen fen de forienige sathe en state troch it brein. En mei nije kréft polske de likens yn him op. Fen âlder ta âlder hie der ommers in skeel bistien twiske de beide tûken fen 'e Krânsinga's en scoe hy nou troch de koer sakje, en prebearje om frede to krijen? Né, dêrfor siet syn hege aerd him tofolle yn 't bloed biwoartele.

Willem is ûnder syn prakkesaesjes al wer bynei thûskaem. Hwet lizze dy beide boeregelegenheden der fredich yn 't ljochten fen 'e jounsinne! En wer bigint Willem gewisse to sprekkien: Sa frédich moast it nou ynwendich ek wêze! ja, en hwet scoe det for jim as bûrljue ek moai en geryflik wêze; hwet scoe soks yn it drokste faeks skoan to pas komme, om elkoar mei folk en reau by to stean. En Klaes, dy 't net allinne tige oppassend is, mar ek goed kreas en kant, hwet scoe 't in goede man for dyn Klaske wêze kinne.

Lykwols, sadré at dit tinbyld yn syn siele opkomt, treaut er it ek mei kréft wer nei ûnderen. Klaes en Klaske, in pear! dat noait. En mei starige stapkes giet er op hûs yn.

In fearnsjier letter, op in moajje neisimmerjoun tsjantele boer Willem nei âlderwenste, mei de pols oer 't skouder, troch de fjilden, om it ien en it oar fen syn spil op to nimmen.

Folle folk wie dêr yn dy kontreijen net op 'e lappen, om 't der op 't lân net folle mear to forstriken wie. Allinne yn 'e fierte stapte yet ien yn 'e greiden om.

It like Willem ta, det it Klaes wol wêze koe, dy 't syn twinters biseach.

Kom, tocht Willem, lit my him ljeaver mij; mûlk komt er dit aenstons ek yet út, ik scil nou mar thûs sjen to kommen, en meiens woed er op in plak oer 'e sleat springe, der hy yet nea earder oerkaem wie. Wylens er de pols yn 'e sleat sette, tocht er: frjemd, hwet is de boaijem hjir weak, towylst de oare sleatten hjir insliks allegear felsich binne; lykwols lit my it der mar ris op weagje. 't Foel ôf, de pols sakke hwet langer hwet djipper yn 'e weake boam wei, en al hie de boer de sprong mei toarsje naem, it joech him oars neat, as det de stôk briek en hy yn 'e djippe sleat trûzele. Hy rekke der ûnder, en hwet der fierders barde, wist Willem neat mear fen.

Do 't hy syn eagen wer opsloech, lei er op syn eigen bêd yn 'e wenkeamer; hy taeste nei syn holle en frege himsels ôf, hwet der dôchs bard wêze mochte. Ja, dêr oppeneare it him wer, hy wier.... ommers yn 'e sleat sprongen.

Klaske hearde, det der biweging yn it bêdsté kaem, en foart-der-op bûgde hja hjar oer hjar heit hinne.

„Ho ist?“

„Aerrich! mar ho bin 'k hjir kaem?“

Willem seach it lokkich antlit fen Klaske glimkjen, en as wjerlocht skeat it him troch it brein: Klaes hat my red! Op 't earste stuit wist er net, at er likf ef bliid wêze moast. Mar hy bidimme him en sei: „Fortel my, ho bin 'k hjir kaem?“

„Klaes hat heit red,“ andere Klaske. Om 't se seach, det de boer wol bigriep, det Klaes der by to pas kaem wie, forswijde se it ek mar net. Efkes kaem der in heger read op Willems troanje; do sei er: „En ho fierder?“

„Klaes hier wol sjoen, det heit oer 'e sleat scoe, en do 't er in toarntsje letter dyselde kant wer útseach, en heit net to sjen wie, sloech it him oan, det heit wolris in ūnk krijen kinne hie. Sa hird as at er rinne koe, sette hy do

op it plak ta, dêr 't er heit lêst opmirken hie, en do 't er dêr wie, bigriep er dalix alles. Heite pet swom yn 't flach om, en in eintsje ôfbritsen polsstôk krekt boppe it wetter wiisde it plak oan, der 't heit der oer scillen hie. Mei syn pols taeste Klaes do yn it blaumodderige wetter om, en sadwaende wist er foart-der-nei, hwer 't heit sonken wie. Dalix biret stoep er yn 't wetter en wist heit sa op it droege to krijen. Det like raer, hy tocht bipaeld det heit al wei wie, en heite eagen, dy 't heit yn 't wiidst op hie, liken al sa glêzich. Lykwols heite hert sloech yet, howol tige súntsjes. Do kaemen der ek in pear arbeiders by, en mei inkoar ha se heit nei hûs ta abbeseare. Dokter seit det heit bidwelme rekke wêze moat, troch in slach mei de holle op it pealtsje, det der krekt ûnder wetter stiet, hwent der sit in great bûd oan heite efterholle."

Boer Willem taeste wer nei syn holle, ja, dy dych him sear. „Det scil 't wol,” sei er, „der stiet al in peal, dêr hie ik foarhinne in planke oer lizzen.“

„Klaes hat heit dos it libben red!“ sei Klaske. Mar heit andere dêr net op. Hwet der yn syn siele omgyng?

„Sjësa, nou wit heit alles; nou mar efkes sliepe net? Dokter hat rêt en stiltme foarskreaun.“

Hwet hie Klaske forslein west, do dy 't trije manljue hjar heit, en den sà, nei hûs brochten. Scoe er nou hjar mem, dy 't yn 't grêf lei, êfterneigean?

„Is er dea?“ mei dy fraech wie sy op Klaes taflein.

„Né, syn herte kloppet yet!“ wie Klaese biskie.

Klaes hie Willem mei op bêd brocht, en wie do yn tûzen hasten nei dokter tafytst. Lokkich wie dy man thûs, en kaem der do ek op 't slach.

In tankbre trien fen Klaske wie Klaese diel west, en hy hie him hijrtroch lokkich, o sa lokkich field. Hy wie al bliid in goede died forrjuchte to hawwen; nou kaem dit der yet oerhinne. Alle ûren liet er freegje, ho 't mei de boer gyng.

Nei 't Klaske hjar heit allinne litten hie, wie er oan 't prakkesarjen rekke, ek al oer 't gefal, det hy út it wetter helle wie, troch dejinge, dy 't er oars foar syn eagen net sjen mocht, en sa foart hinne. Lykwols, det dûrre net lang, do bigoan it him to dwyljen, en foart-der-nei bigoan er koartsich yn 't bêd om to woeljen. Klaske fleach wer op 't bêd ta, en do 't hja hjar heite forwyl-

dere each oanskôge, liet hja dalix wer om dokter roppe.

In fjirtjin dagen oanien laei de boer yn swiere koartsen dêrhinne; ek syn harsens wierne oandien, sei dokter Klaske weitse twiske hope en freze by syn bêd, en at hja alhielendal ôfmat wie, liet hja hjar sims troch Klaes biwege, om efkes rêt to nimmen. Sokke tiden hâlde Klaes den it each op 'e sike. Jimmer bleau er lykwols op in distansje; de boer mocht ris by kennis komme, en den moast syn earste gesicht net op Klaes wêze.

At de koarts op 't slimst wie, wie Willem hast net to hâlden noch te kearen. Den moast der in arbeider mei foar 't bêd sitte, oars wie Klaske eang, det sy der mei oan rekke. Wyld stoarre er den fen de iene op 'e oare en praette der mar yn om. „Klaes, — Klaske, — noait in pear!.... Lou, sùp'strôt!.... noait, ik wol net! lit dy dominys mar blaffe!“

Lokkich kaem der op 'e fijftjinde dei foroaring. De sike bigoan rêtstich yn to slûmerjen. Fen dy tiid ôf-oan bigoun it to betterjen, en fjouwer wike letter koed er al werheale dagen opsitte. Syn izersterk gestel hie de skok trochstien.

Op in jountiid, it wie yn 'e tiid, det Willem sa goed as better wie, stiene Klaes en Klaske togearre by Willem-en dys efterhûs to praten. It loek al moai yn 'e hjerst op, en sadwaende wie 't al aerrich skimerich.

„Jim heit tinkt nou dôchs fêst al frijhwet mylder oer my den ten tofoaren?“ frege Klaes, do 't hy risselwaesje makke, om op syn eigen hiem yn to gean.

„Siker,“ wie 't andert, „mar hwetstu niis oars fregeste! Ik wit net!“

„Ik ha salang al wachte, ik kin at it wêze moat, yet wol in pear wike wachtsje, mar do woest him dôchs wolris hifkje?“

„Du witst, hwet ik sein ha, — ik maei net tsjin heite wille yngean, is sa net?“

„Nou, goe'n joun Klas!“ Do 't Klaske efkes letter yn 'e hûs kaem, seach Willem syn dochter tige opmerksum oan, en sei: „Ik wit wol, detst' yn 'e lêste wiken faekris mei Klaes praetste, is sa net?“

„Ja heit! niis-krektsa ek yet al,“ andere Klaske iepenhertich.

„Ja famke! ik bigryp alles wol!“ en mei triennen yn

'e eagen sei de oars faek sa brimstige keardel : „Kom hjir tichte by myn bêd sitten, Klas, ik ha in bulte goed to meitsjen.“

Klaske liet hjar gjin twaris noegje.

„O fanke ! hwet ha ik striid hawn, mar ik mien nou sizze to meijen : troch genade haw ik oerwoan ; Klaes hat my út it wetter red, en dêrtroch hat God my der ta brocht om yetris nei to tinken oer al myn dwaen fen eren. Ik ha der jamk oer neitocht yn 'e lêste wiken. Ik ha oan Klaes in bulte to forgoedsjen. Rop him hjir anstons ek iis !“

Hwet dêr dy joune twiske dy trije foarfoel en forhannele waerd, weagje ik net to biskriuwen. Allinne kin ik sizze, det it wirden wierne fen frede, lok en ljeafde.

Dy joune om njoggenen-tsienen kuiren twa ynlik-lokkik e minsken de leane lâns ; it wierne Klaes en Klaske.

„Dos for altyd nou forboan !“ lûstere hy en sy knypte yn syn ilige hân, en liet hjar holke op syn skouder sak je.....

FETSE GREIDEMA.

FRYSK-EIGEN. Yn in tyd sa drok en foroarjend as de noutid, mijje alle frjeonen fen Frysk wol mei beide earen frisismen opfange. In foarbyld is it gebrûk fen *reitsje* sa det it net ji' st it active (handeljende), ek net it passive (undergeande) o:unjowwt. Yn in âlde, nou deade tael hjit sa'n tastân: it medium.
— *Hja rekken forlegen yn de ûngetiid; gjin helpers genôch bisette k'ne, de greatfeint rekke yn ienen nei it kamp en de arbeider rekke n ei de foet yn 't lijen.* — *De beam rekket om.* — *Reitsje de manljue hast klear, Diewcke?* — *It dûrret sa lang det it miel klear rekket.*

Noch in frisisme deroerhinne. Het efterfoechsel *aard* yn mannich Hollansk wird = *hard* mei de opfetting zeer, *in hooge mate*. As sa heel folle it gefal is, hâ'dt it Frysk de kom-ôf noch boet. Wy sizze: hy wirdt *hird griis*; forlyk dêrmei it Hollânske *grijzaard*. Ho faken wirdt net sein; *it moat hird foroarje of 't is to let!* In *hirde* winter is een *strange* winter.

Bisûnder binne ek de Hollanske wirden: *omstreeks* en *omtrent*. It frysk hat wer de kom-ôf: — *om de streek fen de middei* (= omstreeks). *De skuld rint om de tûzend goune* (= omtrent).

1'rjeonen, de earen iepen !

De Himmelfeart.

Sa is 't wirk dan op d'ein en it striden is dien,
Sa is 't paed fol fen toarnen oer 't ein hinne gien ;
O, de lést wie sa swier for Gods iennichste Soan,
Mar nei 't wirk folget rěst, nei de striid komt de kroan !

Oan it krús, dér de Heilân Syn bloed ús forgeat
Oan it krús op de berg wie Syn lijen sa great ;
Mar nei 't krús en it grêf folget bliidskip en lok :
Hwent de Kristus forlost Syn folk fen 'e flok.

Hwent Hy stie for hjar op ; né, Hy gyng net forlern,
Ek al mienden syn jongren syn útein to sjen !
O dy hienen sa'n noed , mar sy witte it nou goed :
Jezus libbet ! it steunsel is det for hjar moed !

En nou stean s'op de berg, dy de Heare hjar sei,
En itjing sy net fetsje, der freegje se nei ;
En Hy jowt hjar Syn wiis en Syn godlik biskie
En Hy jowt hjar Syn treast, Syn bifel en Syn rie.

„Frjeonen, 'k far nei omheech, nei Myn Heit en jimm' God!
„Mar ik lit jim nin weezen, net hoopleas yn 't lot :
„Hwent de Treaster saet del yn jim klopjende hert
„En Dy hilet jim wounen en balsmet jim smert.

„Jim ha heard fen 'e wei ta it iwich bihâld :
„Wiis aan ider dy wei, rop him út yn 'e wrâld !
„Jim moat tsjûge aan it folk, hwa Ik bin for jim siel,
„Ho, dy leauwe yn jim Master loksillich hjar fiel".

En de jongren sjugge op nei hjar Master en Hear,
O, ho strielet Syn antlit, sa himmelsk en klear !
Ut Syn each, — det hja ienkear fol triennen sjoen ha —
Fâlt nou 't ljocht fen it iwige libben hjar ta.

Ja sy meie yn Syn eagen Syn ljeaflikens sjen !
En Syn hânnen binne útspraet oer de âlve as Syn bern,
Séftkes rjuentsje Syn worden hjar noffelik tsjin :
„Lok en seine is oer jimme, hwêrsanne ek jim binn !"

Dêr, o wonder ! hast sùnder det immen it mirk
Riist de Master omheech ; sjuch ! Hy farket nei 't swirk !
En de jongren sjen stom fen forbaesdheit Him nei ;
Hen, der nimt Him in wolken út de eagen hjar wei !

„s Hearen Ingelen sprekk' : „wel hwêrom hjar in skoft
„Sa to stean en to sjen nei de blaujende loft ?
„Dizze Jezus, de Kristus, Gods dierbre Soan
„Driuwklet op nei omheech en nimt pleats op Syn troan !

„'t Is wol wier, Hy 's hjar wei, mar as Helt is Er tein,
„En Hy komt ienmul wer op 'e wolkems as wein !
„En den skoddet dizze ierde en de himmel fordwynt !
„En den trillet de minsk, hwent Syn Rjuchter forskynt !

„Ja, Hy kommt ienmul wer for Syn tsjinders ta treast ;
„Leau deroan, rop dy tinz troch in-tiids foar jimm' geast,
„Ja, Hy kommt ienmul wer, iders each scil him sjen !
„Kenings wirde op dy dei al Gods útkarde bern !"

IN FRYSCHE JONGE.

US TÆL OMHEECH !

Yn 'e ieuw, dy 't nou forroun is,
Wie yn Fryslân mannichien
Mei it sakjen fen ús sprake
Op it inerlykst bigien.
En sy sprieken by hjar selme :
Lit ús 't mogelike dwaen,
Om wer nije glans en fleurgens
Oan ús âlde tael to jaen.
Mar hja wierne op hjar bêste
For geloave en tsjerke kâld ;
Dêrtroch foun hjar edel stribjen
By 't geloavich folk gjin hâld,
Kaem by folle Christenfriezen
De eigen tael — al skynt it mâl —
Dy 't ek heislik faek misbrûkt waerd,
Namm'sto mear yn d' ûnderwâl.
De earbre memmesprake rekke
Efterút al mear en mear ;

Ider tocht hast: for 't gelove
 Is dat potsich Frysk net klear,
 Wol for grappen en mirakels,
 For it bûthús en for 't lân,
 Mar moat wy hwet earnstichs sizze,
 Nou, den sprekk' wy 't Hollânsk oan.
 Sjuch, sa rekke it Fryske herte
 Sahwet mei himsels yn striid,
 Hwent ús tael, dy 't ûnfoech kard waerd,
 Dy 't net doogde for ús tiid,
 Dreau dôchs tingemirken boppe,
 Laei dôchs ek wer nei oan 't hert,
 Om 't men yn syn eigen klanken
 Dôchs syn tinken úterje moat!
 En det wyls 't forstân jamk prottle:
 Né, dyn tael — 't roait nearne nei!
 Is to bot for heger dingen
 't Boerefrysk moat út 'e wei.
 Mar wy hoopje, 't scil foroarje
 Hwent wy wol der war op dwaen
 Om ús tael it âlde plakje
 Det hjar takomt, wer to jaen.
 Al forskate nommle Friezen
 Dy 't fen 't âld gelove binn'
 Fiel nou yn 'e lêste tiden
 Det sok sleaukjen net mear kin.
 Fryslâns tael — in jeft fen Boppen!
 Fryslâns tael — 't is Gods bistjûr
 Det hjar klanken, det hjar wirden
 Sweevje ús âlde Fryslân oer!
 Fryslans tael is koart en krêftich,
 Hat nin slach fen potsen brek,
 Mar, 't scil blike, nei 't wy hoopje,
 Past by 't Alderheechste ús ek.
 't Is in wolkem fen in hânbré
 Dy 't wy nou oanskôgje kin,
 Och it is yet mar sa'n bytsje
 Det wy kin en det wy bin.
 Mar wy hoopje op 's Hearen seine,
 En is dy ús stribjen by,
 Den kin we ek op fruchten tiidgje
 Dy 't wy op ús wirkjen krij'.
 Wy woll' skreppe om d' âlde sprake

Dy 't faek deltreaun waerd yn 't leech
 To forealjen en to heilgjen
 Hjar to bringen nei omheech.

A. WIJBENGA.

PSALM CXLVI.

1. Hallelujah, jow yn psalmen
 Siele, oan God myn Heare lof!
 'k Wol him tank en eare bringe
 Foar 't ik dellein wird yn 't stof.
 'k Scil salang ik sykje kin
 Sangen jaen, for hwet ik bin!
2. Wol op prinsen net fortrouwe,
 Net op idle minskebern;
 Wol fen hjar gjin heil forwachtsje,
 Al dyn hoop giet strak forlern.
 Hwent it grêf is hjar bislút,
 Den is ek hjar hearskjen út.
3. Lokkich, sillich mei men neame
 Him, dy 't God om hulpe bidt,
 Dy 't yn need en pine fluchtet
 Nei, Dy 't yn 'e himmel sit.
 Hwent yn ûnk en ongemak
 Is er by syn God to plak.
4. 't Is de Heare, dy de himmel
 Mei syn ljochten skapen het,
 Dy ús ierdbol fruchtber makket,
 Dy de sé hjar parken set;
 Dy, oan hwet Er docht en seit
 Trou bliuwt yn alle iwichheit!
5. 't Is de Heare, Dy fordrukten
 Rjucht docht yn in wiis biwâld,
 Dy 't oan hûngerigen brea jowt,
 Dy 't it earem folk bihâldt!
 En gefangnen makket Hy
 Ut it neare tsjuster frij!

6. Blinen wol de Heare it deiljocht
Op hjar biddend roppen jaen,
Sokken, dy yn 't stof omkrûpe,
Scil Er rjuchtop rinnen dwaen !
Op Syn seine rekk'nce kin,
Earlikens en wierheitssin.
7. 't Is de Heare, Dy 't fen boppen
't Warjend each nei frjenden slacht,
Dy 't de wees en widdow hoedet
Yn de stoarm en yn de nacht !
Mar der goddeleazen paed
Wirdt troch Him yn tsjuster laet !
8. Iwich seil de Hear regearje
Mei Syn majestait en macht,
Hy bistiet troch al de tiden,
Hy bistjûrt it fierst geslacht.
Sion ! sjong Syn macht en ear !
Meitsje great dyn greate Hear !

Boalsert.

T. TIEZEMA..

WOLKEMS.

'k Sjuch de wite wolkems silen
Op 'e wjukken fen 'e wyn !
'k Sjuch s' yn 't hege ûnnjibbre baejen
Yn 'e gouden sinneskyn !
Sjuch sy boartsje foar in hoartsje,
Skouwend oer en troch inkoar !
Sy forskine, sy forsline,
Sy fordwine bar om bar !

'k Sjuch de swarte wolkems jeijen
Oan 't unstûmich himmelfjild !
'k Sjuch s' yn heappen by 'n oar draijen
Stegerjen ta bult by bult !
Sjuch sy hotse, swaeije en botse
Yn inoar, stou' wyld yn 't roun !
Sjuch sy tomlje, hark sy romlje !
't Wetter spij se nei de groun !

'k Sjuch ek faek yn 't libben wolkems
Skaeden smiten fen fortriet ;
't Herte wirdt troch 't leed oertsjustre,
't Each fen bittre triennen wiet.
Mar 't is treaste for myn geaste
By hwet flimet, stekt en byt :
Wolkems binne gau fortinne
En Gods sinne skynt altyd !

IN FRYSKÉ JONGE.

It Gebet des Hearen yn it Almenak.

In foech fyftich jier forlyn waerd der by Bokma to Heech in bibelsk dûbeltjes almenak útjown troch de Foriening fen Wierheitsfrjeonen yn Fryslân. In kommisje fen trije rjuchtsinnige dominy's hie der de redaksje fen. Der sieten bygelyks yn Ds. C. H. ten Harmsen van der Beek to Reitsum, Ds. J. J. Dermout to Kollum, Ds. H. Malcomesius to Frentsjer en mear oaren.

Nou kaem yn it almenak fen 1868 ûnder de neistikjes it Gebet des Hearen foar, oernomd út de biskriuwing fen ald en nij Fryslân troch Foeke Sjoerds.

Us Fader, dy binne yn 'e himelen,
Yen namme wirde heilige,
Yen keninkryk komme,
Yen wille skiede allyk yn 'e himel, sa ek op ierde,
Us deiliks brea Jow ús hjoed,
En forjow ús ús skilden, allyk as wy forjaen ús skildners,
En lied ús net yn forsikinge, mar forlos ús fen 'e kweade,
Hwent Yens is 't keninkryk, en de krêft en de hearlikheit yn 'e ivichheit. Amen.

Men scoe sa sizze : it wier wol goed bitocht fen dy dominy's om de Friezen dat goddelik gebet yn hjar eigen tael ûnder de eagen to bringen. Mar dat pakte hiel oars út. It stoe in heapen wierheitsfrjeonen tige min oan en hja stieken dat ek net ûnder stoellen en banken. Ds. J. G. Vos to Edens en Spannum, dy 't destiids bistjûrder wier fen de krante fen de Wierheitsfrjeonen (het Kerke-

It Gebet des Hearen.

1. O heech forheven Majesteit
Yn 't ryk fen d' iv'ge hearlikheit,
Wy búigje yn Namme fen Jou Soan
Us del foar Jou genadetroan,
En smeekje: o Heit! wol hearre en sjen
Nei Jou troch 't slyk bismodse bern!
2. Jou Namme, o aller Foarsten Hear,
Komt ivich tà: ús lof en ear.
O, jow den ek, dat elk syn hert
Ta 't heilgjen fen dy Namme set!
O jow det iders mûle seit
Det dér allinne ús heil yn leit!
3. 't Hielal stiet ûnder Jou biwâld
Jy ûnderhâlde en stjür' ús wrâld,
Mar jow ek fen Jou keninkryk
Oer 's ierdryks rounde en breedte blyk;
Forbrek des Satans macht en set
Jou Ryk yn aller minsken hert.
4. Sa 't Jy it wol, is Hear! it goed
Jow dos, det elk mei hiel syn moed
Sels yn 'e greatste tsjinstriid stil
Him skikt nei dizze wize wil!
Det elts Jou wil de heechste kart
Lyk as dit yn 'e himel bart!
5. Jy kinne, Hear! fen al jou bern
De neden skôgje en 't longrjen sjen!
Jow dos genadich op ús bea
For dizze dei ús deistich brea,
Jow ek, itsy det w' yt' ef drink'
Det w' altyd om Jou eare tink'.

6. Us sündeskuld is swier en great,
Bitelje kin wy noait en neat:
Forjow allinne om Jezus' bloed
Dy skuld, dy 't parset op ús moed,
Lyk wy ús fijan ek forjow,
Stypje yn ús herte in wier birouw!
7. Us herte is swak, ús krêft is neat,
Wy lizz' for eltse fijan bleat,
Jy witt', ho 't mei Jou skepsels sit;
As Jy har mar ien tel forlitt':
Hâld ús dos fier fen sieleskea,
Fier fen 't forlokjen ta it kwea!
8. De kweade is op Jou oermacht poer,
Nou leit er altyd op 'e loer
Om 't herte fen Jou tsjinders del
To lûken yn syn neare hel:
Forlos ús, Heit! o help Jou bern,
Oars bin wy griffernôch forlern !
9. Hwent yn alle ivichheit, o Hear!
Biheart oan Jo de krêft en d'ear,
It keninkryk, de Majesteit,
De kroan en troan en hearlikheit;
Fier boppe it ierdske stof bidriuw,
As blinkend Heilige hearskje Jo !
10. Ja, Amen ja! Jou Godswird is
Troch d' ieuwen jimmer like wis;
Wy witt' det J' ús forhearing jow';
Wy pleitsje allinnich op Jou trou.
Dit s' ús genôch, dos seit ús hert
Geloavich „Amen!” op 't gebet !

A. WYBENGA.

komme, en dizze rossing kinne wy noait tsjûge, hwent net jamk forbetterje de nije it de âlde.

In folk, dat him oer syn foarâlders tael skammet, moat him earst oer him sels, syn aerd en menearen skamje, dy for plomp en bot hâlde, foardet it syn tael strike litte kin. Sa'n folk moat dy naesje, hwaens aerd en tael it oernimt en neimâlket, for wiser, better en mear biskave hâlde as him sels, oars koe it dy ommers noait aan dizze jaen. En dit is rjue mear as goes om goarre to jaen en moat altyd tige ôfdije, wylst it forjustere folk mient det it tadije scil; it wirdt hjirtroch dochs fen dat frjemde folk, der it nei harket, yn de kloeren en op de toskens nommen en foart forskoerd. Hjirom pielden ek alle keisers en keeningen, dy 't oare naesjes oerhearsken en der forstân fen hiene, der sterk mei om hjar hjar memmetael ôf- en dy frjemde oan to learen.

It sizzen fen ús greate sjonger Bilderdyk, kin hji ek woljilde:

Wêz master fen de tael,
Jo binne it fen 't gemoed.

PSALM LXXII.

1. Jow Hear! yens rjuchten, wiis en heilich
De kening op syn troan!
En yens rjuchtfeardigens, dy 't feilich
Bistjûrt des kenings soan;
Den scil hy 't folk, det jy him joegen
Regearje, wiis en séft,
En sokken, dy 't ellinde droegen
Wer bringe op nije krêft.
2. De bergen scille frede drage
De heuvels rjucht en wet;
Der riist for 't folk in gouden dage,
Dy 't ljochtet yn hjar hert.

D' ellindigen scill' 't lok wer fine
 It heil strielt oer hjar bern ;
 Mar dy 't hjar nitelt scil forkwine
 Ja giet alhiel forlern.

3. De frees for Jo, scil Hear ! hjar bine
 Oan de ienich goede wei,
 Salang de sinne en moanne skine
 Oant d' alderlêste dei.
 As drippen, dy 't op 't niggêrs reine
 Det, hjit fen toarst, b'stjert,
 Sa saeit Jou Geast mei mylde seine
 Jou tsjinders yn hjar hert.
4. 't Rjuchtfirdich folk scil dije en groeije,
 Syn heil en lok is w's;
 Yn frede scil it ierdryk bloeije
 Salang de moanne d'r is.
 Fen sé oant sé scil Hij regearje
 Oer folken fier en hein ;
 Syn rjuchten scil hjar oppenearje
 Oan 's ierdryks úterste ein.
5. Hja, dy 't op toarre heiden wenje
 Yn bosk ef by strewel,
 Hja, dy 't oant nou de Kweade tsjinje
 Hja fâll' strak foar Him del.
 De keingenen fen fiere lannen
 Wit Hwa 't 's as Oerste ha,
 Ut Seba's lân, fen Skebas strânnen
 Fier' sy hjar jefsten ta !
6. Ja, al de foarsten scil hjar bûge,
 Ho heech s' ek binn' fen steat ;
 De heidens scille lûdwei tsjûge :
 De Heare allinne is great !
 't Ellindich hert scil Hy genêze
 Det hymjend ta Him bidt ;
 Hy scil des earmen helper wêze
 Dy 't yn 'e pine sit.
7. Hjar dy 't yn need troch 't libben kwine
 Jowt Hy Syu ûnderstân ;

Hy helpt earmoedgen út 'e pine,
 Hy sjucht hjar smerten oan.
 Hy wit hjar sielen frij to krijen
 Fen listen en gepleach,
 Hjar bloed, hjar triennen en hjar lijnen
 Binn' dierber yn Syn each.

8. Troch d' ieuwen wirdt Syn tiid forlinge
 En elts is bliid dermei,
 Men scil Him 't goud fen Skeba bringe
 Him seegnje hiel de dei.
 In hân'ol koarn, yn 't berchlân siedde
 Der dijt in risping fen,
 Dy 't steatlik rûziet troch syn swierte
 As 't bosk fen Libanon !
9. Dy fen 'e stêdden scille bloeije
 As 't aldermoaiste blomt' ;
 Syn eare scil troch d' ieuwen groeije
 Wirdt strak troch almear romd.
 Syn Namme is heilsum as de sinne
 Hwaens glâns net giet forlern ;
 Ut Him strielt seine oer 't minskdom hinne,
 Oer neiteams fierste bern.
10. De heidens scill' net mear forblomje
 Ho 't God hjar helpe kin ;
 Sy scille Him loksillich romje
 Mei hiel hjar siel en sin.
 Wy sjonge aloan ús greateren Heare,
 Dy 't heilige wûnders docht,
 Wy bringe oan Isrels God ús eare
 Mei inerlike nocht.
11. Lûd jowt de lof fen 's Hearen Namme
 Oer hiel de wrâld syn rop !
 Syn hearlikens moat d' ierde oerklamme :
 Elk sjong hjur : „Amen“ op !

A. WIJBENGA.

Glânse komt for it lêst yn d' eagen;
 En syn lûd klinkt wûndre klear:
 „Berntsje! hâld nou op fen skriemen,
 Hwent ik bin hjir gau net mear,
 Mar al bliuwstû ek allinne
 O forjit myn sizzen net:
 Jezus is de bêste Liedsman,
 Ek hwennear ús jounklok ledt.“

„Moai mei 't libben bûten Jezus
 Lykje, mar 't is neat as skyn,
 Jezus jowt it wiere libben,
 Hy bringt ús de Himmel yn.
 Moat ik hjir nou al hwet lije,
 't Knypt my wol, mar 't let my net,
 Hwent myn bêste frjeon is by my,
 Nou ek, nou 't myn jounklok ledt!“

Hjirmei swijt er, noch ien snokje
 En syn geast is hinnetein
 Nei syn Jezus yn 'e Himmel
 Om to hâlden ivich snein.
 En syn dochter? Ja, sy treurt, mar
 Net, as dy 't gjin hope hat,
 Skriemend tanket sy de Heare . . .
 Wylst as yet de jounklok ledt.

SWOL, Wynmoanne.

I. V. D. WERF.

I.

DE IERAPPELDOLDER.

Dêr stied er, it opsketten feintsje
 Dat, droamend fen goudene takomst,
 Yet efter de wolkems it ljocht seach,
 Dei yn en dei út op it wirkân.

Aloan dolde er efterút foarút
 Trochploege de groun mei syn trij'tien',
 Utpjukkend de langroune fruchten
 Fen út hjar sa tsjustere widze.

Him stiek faek it fjûr fen 'e sinne,
 't Swit dripke den ûnder syn hoed wei,
 Ek jamk smiet in boi út it noarden
 De rein en de heil om syn lea him.

Biside de koer laei de sykster
 Delknibble om de fruchten to samlijen,
 Hjar fingers forklauden de modder, . . .
 In ploait for dy fammene hântsjes.

Sy prætten togearre en miracklen
 En laken en pleagen eltsoarren,
 Hwent wie al hjar wirk yet sa'n toer ek
 Dochs . . . moai bleau de maitiid fen 't libben!

De skaden forlingen oer 't ierdryk,
 De kommende nacht brocht de rêt oan,
 Sy winsken eltsoar it „goenjoun“ ta
 En elts goung syn eigene kant út.

II.

GUSTAEF-ADOLFSANG.

1. Net bang, lyts heapke! wêz net bang!
 Ho lûd dyns fijâns oarlochsang
 Ek jeije maei en klinke!
 Hy mient dy ûnder syn bitwang
 Mar droamt det idel stik net lang:
 Lit dos de moed net sinke!
2. Dyn striid is ek des Hearen striid;
 Wêz yn dyn Godsfortrouwien bliid,
 In wize Heit regearret!
 Syn macht is net to njitten great,
 Des fijâns sterkens falt yn 't neat,
 Syn tsjuster plan mislearret!
3. De Heilân hat it sels ús sein:
 Der boazen macht is ring fortein,
 Fljucht as in wolkem hinne;
 Hjar rom wirdt troch de Hear bispot!
 God is mei ús, wy bouwe op God,
 Sa moatte wy oerwinne!

III.

PSALM CXVI.

1. Ik ljeavje God, dy trouwe Heare heart
Altyd myn klacht oer 't jok dat 'k ha to dragen,
Hy bûgt Him del, dos tsjinje ik al myn dagen
Myn wei Him oan, en klei ik Him myn smert.
2. My knypten fûl de bânnen fen de dea,
Ik laei yn need troch d'eaangst der hel forfike ;
Binaudens stiek, 'k moast hast yn 't leed biswike,
Mar 'k rôp oan God myn snokkerjende bea :
3. „Och Heare, och waerd myn siel troch Jo dochs red !“
Hy hearde my, genade mocht my blike ;
Hy hile my, forromme giet myn sike ;
Gods ljeafde is ryk úntfermijend op 't gebet.
4. D' ienfâldigen biwarret God yn need.
'k Wie úttard, mar Hy skikte oan my wer 't bêste;
Net bang, myn siel ! wêz hoopjend yn dyn rête!
Dû bist forlost, God diich dy goed yn 't leed.
5. O Heare ! Jy ha do de dea my wonk
Myn siele red, wer opdroege al myn triennen,
Myn foetten hoedde op 't paed fol skerpe stiennen:
Ik wandlje vrij, ik wit in feilich honk.
6. Ik leaude oan God, dos spriek ik ta Syn ear !
Mar 'k waerd binypt, fen minskien wreed forgotten,
To hastich is my do de tael úntskeetten :
„By 't minskdom is nin trou, nin wierheit mear !“
7. Hwet scil ik God for 't heil, Syn tsjinstfeint jown,
Weromdwaen, ho scil 't bést Syn eare riizje ?
'k Wol Him altyd for myn forlossing priizje,
Ik rop Him oan út 's herte djipste groun !
8. Hwet ik biloafd ha, jow ik nou ek wis,
Hy 's 't wirdich, dos scil ik Him bliid bitelje,
Oan al Syn folk Syn heilsum wirk forhelje
Qan 't folk hwaens dea yn 't Godseach kosilik is !

9. O siker, Heare, ik bin Jou feint, ik bin
In soan fen 't minsk, det Jo as boade tsjinne,
En nou troch Jo myn bânnen britsen binne,
Offrje ik myn tank nei det myn krêft det kin.
10. Jou Namme o Hear, Dy heilich is en great
Oanrop ik trou, 'k scil Jo myn wird folbringe ;
'k Doch fen Jou krêft en macht mei bliidskip tinge
Op 't sté, dér al Jou folk yet út myn sizzen leart.
11. 'k Scil bliid fen moed nei 't hûs myns Hearen gean,
'k Scil knibblje dér, om God myn tank to sizzen
En foar Syn troan myn herte del to lizzen ;
Jeruzlem scil myn bliide sang forstean.

A. WIJBENGA.

H W E R H I N N E ?

It stie der wond're fredich hinne
Dat hûs sa djip yn 't beamgud wei,
Biside, as op 'e skoarstien nei
 Dy kipe 'r krekt ta út allinne.

It wie der wol hwet op 'e romte,
 Mar simmers wier 'k er graech by honk,
Hwet wie dat hiem dan yn 'e pronk
 Omjown mei folle soarten blomte.

Wy koenen der sa noflik sitte,
 Men fielde yen der vrij en rom,
De tiid dy fleach der suver om,
 Men scoe der alle lêst forjitte.

Hwet koenen der de lysters fleane,
 Ho sjongden hja de finken nei,
Men hearde it lûd in hiel ein wei,
 't Klonk troch de tichte elzenleane.

Hwet wie de koekoek dér oan 't troppen,
 En strielde ús it harkjend ear ;
En noch sa mann'ge ifügel mear
 Stjürde ús syn eigen sang fen boppen.

Wol folchsum Him de lieding jaen,
Sa hâldt Er dy op effne baen:
 Dy hoedzje God!

Dy hoedzje God! In rotse is Hy!
Syn skepter, o, biskermje dy!
 Syn earm is stipe, syn each is ljocht,
 Syn wil, sa heilich, sy folbrocht!
 Dy hoedzje God!

Dy hoedzje God! Ik patsje dy,
En bin ik fier, 'k bliuw heit for dy,
 En sjuch 'k dy hjir of jinsen, bern!
Myn heite segen jow ik jern!
 Dy hoedzje God!

G. POSTMA.

M I S B I T E A R D.

Proastich stapte er de rydwei lâns, dy hjerstjoune om saunen-achten hinne; nou scoe 't den eindliks wêze!! Lang hied er oer mymre en dien, mar nou scoe de kniper op 'e skine komme! En Willem naem syn oardelsinter te segear sa minhearith twiske de fingers, as hied er de slach al slain. Mar lit my de skiednis fen 'e reisger yn 'e jouneloft efkes neijer ophelje.

Willem wie in ienlingsoantsje. Syn âlde ljue hiene hwet genierkerij, mar om Willem yn dat bidriuw op to fieden, like hjarren net goed ta, de jonge moast skoalmaster wирde. Nou, dêr hie er ek in wunderbaerlien snjît ta. En sadwaende hie Willem sa'n breinfol wysheit opdien, det er der bulten fen efter de earen krigie. Mei frjemde warden koed er yet better omgean as syn heit mei de lodde, en at er syn nijmoadricheden den útkreame, seagen syn âldeljue as tsjin in wunder op en harken se mei saun pear earen. Nou, nou, hwet wie dy jonge dochs hwet mânsk!

Sa rekke de jongfeint tweintich jier to warden. En men wit wol ho 't it giet, den krije de jonge bazen wylde hierren yn 'e nekke, of om nei Willeme tinzen to spreken: „hja wirde forliefd!“ Hwent hy lies in bulte fen dy romanske boeken, dêr 't fen dy dingen yn foarkaem, en dêr 't saken, dy 't by ús „frijerij“ en „nei de frouljue

ta“ h jitte, mei alderbûtenwenstichst hege nammen bitite-seare waerden. Nou, om ta it doel to kommen: Willem rekke ek „forliefd“. Det wie rjû bjusterbaerlik yn syn wirk gien, tominsten at men leauwe mei, hwet hy deroer op pompier set hie. Hwent det wie hy sa wend, om syn inerlike tinzen yn swarte inket om to setten. Dêr waerden den hiele bôgen oer folksreaun, en moaije Hollânske gedichten oer makke. Hwent hy hie in dichterlike oanliz, sei syn mem altiten. Yn 't koart kaem de ynhâld fen dy stikken hjiroep del: Yn 't earstoan wie er sa'n „onbestemd“, sa'n „vaag gevoel“ oer him komd; den mien-de er mar, det er eat siikje moaste. Ienkear op in nacht hie er droomd fen in jongfaem, mei in bosk gitswart hier los oer 'e skouders, en do hie dy taem him tawonken. Fiif „sonnetten“ hied er deroer makke.

In tiidsje letter, op in moaije summerjoun, do 't der in stjer flak boppe de jarsleat skynde, en him yn dy sleat wjerspegele, hied er mei Beits fen Sytse mounler stien to praten, en do miende er, det er fjouwer stjerren seach: ien oan 't swirk, ien yn it jargat, en twa yn Beits hjar boppestik. Der hied er ek fiif „sonnetten“ oer by-inoor dichte. En sa hied er in hiele bulte skriften folksreaun krike, en it wie ien stik langstne en hope en ljeafde en minne. Ljeafde en minne! o ho trille syn herte, at er dy warden súntsjes útspriek, en dêrby tocht oan 'e mounlers-dochter! O det tinsbyld, troch him yn fiif oare nijmoad-rige fêrsen dellein, om út sa'n mûle it: *ja!* hearre to meijen, en dan hjar mûtel persoantsje sêft ont him to lûken, lyk as er det sa ynlik moai skildere foun hie yn: „De schoone Sylvia,“ o det tinsbyld trochstriele syn siele. En jimmer stie hjar byld foar syn eagen: blauwe eagen sa blau as de blauwe loft, reade wangen sa moai as reade roazen, en sêft, swart krollich hier, as, ja as?... nou det scoed er den wol witte, at er syn earem d'ris om hjar hals sloech, en syn hânnen mei dy sêfte lokken boartsje mochten, — ja hwent sa hearde it ommers?

En nou scoe 't den wêze. De mounle en it mounlehûs steane fiif minuten bûten 't doarp, — tige poëtysk, nei Willem syn mien-en, — en nou moast Beits alle snjeontojounen nei de bûrren ta om ynkeapen to dwaen; mei de grote braskoer ûnder de earem kaem sy den sahwet om saunen-achten werom. It wie yn 'e neisimmer, en om dy tiid bigoun it al aerrich to skimerjen. En sa hie Wil-

lem makke plan it bern sokke jounen nei hûs to bringen. Dit wie de earste kear, hy scce nouris fornemme, ho 't it fanke der ûnder stie. De warden dy 't er sizze scoe, hied er al plak jown yn syn breinkast. Dy bras-koer, dêr scoe 't mei biginne, dy woed er for hjar sjouwe, hwent in „ridder“ hearde tsjinoer syn „dame“ ek „galant“ to wêzen. Der hie hy al in bulte fen lêzen, sà diene kenings it ik; en al hiene sokke ljue hjar „dames“ wol gjin braskoerren to sjouwen, Willem's ljeafde wie lykwols fen de selde soarte.

Acht ure. Komt Beits yet net? Hy pandert der al om en it bigint him mar knap to forfelen; yet mar ris hwet hinne en wer traepje.

Healwei njoggenen. Yet neat! Willem tinct en prakkesearet, en it bigint him ta to lykjen, det er wol hwet hat fen 'e „dolende ridders“ út 'e Middelieuwen, der hy jisterjoun yet fen lies. Syn aventür bigaan him ek al romantysk ta to lykjen. Dêr skeat him hwet yn 't sin! Jonge ja, dêt moast wêze! Hy scoe ek in roman skriuwe, mei himsels as helt, en Beits as de „tearbiminde!“ Der scoed er den yn teikenje, ho 't syn langstme nei hjar útgyng, de tinsbylden yn syn skriften koene him dêrby tige fornimestich as „bron“ tsjinje, syn tinzen fen dizze joune scoe der wid en breed yn biskreaun wirde, en it-jinge det yet komme scoe, scoe ek tige by tige bistudeare wirde. Jonge hwet scoe det in moaije roman wirde! Fensels: nammen en omstânnichheden moasten in bytsje foroare wirde, mar oars, det waerd yetris hwet, alhiel nei 't libben!

Eindliks, ja! der komt hwet oan! It is Beits! O, hwet kloppet him it herte! It is al frijhvet tsjuster, mar det is neat, den geane der ek gjin oarmanne eagen oer.

Mei in fleurich sin sjongt de jongfaem: „Lieve schipper, vaar mij over.“ Der stiet Willem yn ienen flak foar hjar en in bytsje forheard sei se: „Wel n'avond Willem! jo yet sa let op it paed? Ik hie tocht, det jy mei de noas yn 'e boeken sitten hiene, ynpleats fen hjir sa om to strûnen!“

Us feintsje is wol in bytsje út it fjild slein, lykwols seit er yet al tige flot: „Ja fanke, mar men het ek alris oare doelen.“

„Né doch!“ sy wer, „mar moat jo dit ek út? Den koene

jo dizze koer wol in eintsje for my sjouwe! Ik ha, lyk as jy sjugge, beide hânnen fol!“

„O, Beits! mei alle ljeafde!“

„Soa? nou hjir komt oars nin ljeafde by to pas! Mar sjédér!“ en sy joech him de koer oer.

Hwet stapte Willem lokkich mei de braskoer yn 'e earrems, wylst er tochte: „Moai sa! earst de koer en den de faem!“

Lykwols wie er de tried wol hwet kwytrekke, hwent hy scoe hjar oars frege ha, at er de koer drage mochte, en nou wie it krekt oarsom gien.

„Hwet is 't moai waer!“ sei Beits, dy 't in tige bêst sin skynde to hawwen.

„Ja, en hwet leit jim mounle dêr op 't heden romantysk yn 'e dauweweagen biskûl!“ andere Willem.

„Romantysk? it moat net mâlder werde! heit hat in hekel oan romanske boeken: kleare leugens bin 't, seit er.“

„Lêze jo der wolris yn, master?“ freget hja deroer hinne.

„Ikke? . . . ja . . . wolris . . .“, stammert er.

„Soa, det falt my net folle ta! Mar elts moat it sels witte,“ en sa rattelt se frijpostich foart.

Us masterke wie der alhielendal yn wei. Né, sa hied er him det net foarsteld. Ho scoe 't nou mei de roman komme, at de heltinne derfen, neat fen sokke boeken witte woe? Lykwols, sa bimoedige er himsels, de minske libbet by foroaring; 't is mûglik, det ik hjar letter ek yetris ta oare gedachtens krije kin, Mar mei det al, sy wierne sa bynei by de mounle, en yet wie der neat fen it-jinge, det yn syn herte brûske, oer syn lippen kaem; dit waerd dos heech tiid.

„O, hwet kuijrt it poëtysk, sa mei in faem op 'e side,“ lûstert er, towylst hy de holle nei hjar oerbûgt.

„Soa, tinke jo der sa oer, master? jo dogge der oars oan d'zz' tiid ta, yet net folle oan.“

„Né, mar dit scoe ik wolris foroarje wolle!“

„Is 't al sa!“

„Ja, en om mar to sizzen, sa 't yn 't liet stiet, ik haw alris oer jo prakkesear.“

Beitske, dy 't krekt de foarige Sneintojouns in feint hawn hat, sjucht him forwoundere oan, mar seit neat. Master lit it der lykwols net by sitte. Dy 't oer 'e houn komt, komt ek oer 'e stirt, tinct er, en hy lit der lûd op folge:

„ja, scoe 'k dizze koer wolris wer in eintsje for jo sjouwe
meije?“

Beitske glimket. „Wis, meije jo d'zze koer wol's wer
drage, mar . . .“

Forheftich fâlt master út: „o fanke, ho lokkich meitsje
jy my,“ en hy probearret tichter by hjar to kommen.
Lykwols, mei 't hy hwet rimpen is, sjucht er net, ho 't
in greate stien flak foar him op 't paed leit; hy stroffelt,
docht in heale slach yn 'e rounde en slacht sjin Beits oan,
dy 't rôd út 'e wei spat. Nou kin er it net mear for-
hâlde, hy ploft oer 'e groun, en de braskoer kopketûmelt
mei fensels. Dêr slacht it lid of, in stik ef trije boltsjes
meitsje kenn's mei de mekade-stiennen, en in heal snies
aeijen rôllet de pûndyk lâns.

„Dit giet mâl!“ sei de mounler, dy 't krekt om in daem
stapte, dêr flak by. Hast'ch probearre master oerein to
skammeljen, mar do stits er syn hânnen krekt op in pear
aeijen, en it wie ien djirre allegear djirre, det it him
twiske de fingers trochspielde, en oer 'e mesjetten hinne
roan.

„Jy moatte dy koer mar net wer for Beits sjouwe,“ sei
de mounler, dy 't it lêste stik fen it petear fen niis-krektsa
oanheard hie, „hwent jy haw sokke krûme argewaesjes!“

Alhiel forbûke riizde master oerein. „Forjow my, min-
sken!“ wie alles hwet er úterje koe. Lokkich wie de moun-
ler in goedlik persoan, dy 't him ynwendich om it bjus-
terbaerlik figuer fen master slaplaitsje moaste. „Nou, den
moat dit foar dizz' kear mar wêze, lykwols tinz om letter!“

Willem syn roman is ont nou ta, yet net yn 't ljocht
komd.

FETSE GREIDEMA.

Fen Tapassing.

Hja hieden beiden oerwirk dien,
En boppe de deihier krige elk nou toalve centen.

Durk kocht segaren en in slok,
Mar Jan — for wiif en berntsjes: acht hiel skoane stuten.
By Durk yn 't hûs waerd fen syn byslach neat fornommen.
By Jan-om is fen elk in bliere laits him kommen.

G. POSTMA.

N I J L I B B E N.

O Fryslân, myn Fryslân ! myn sang is for dy,
 By 't Kristenfolk knoppet dyn tael op in nij!
 Us tiidskrift hat nou al in jier wer bistien
 En 't hat, nei 't wy leau, syn fortuten wol dien !

Dêr blinkt oer ús lân wer de sinne sa blier,
 Dêr klinkt swietsjesoan wer ús tael mei hjar swier;
 Us tael komt yn eare by jong en by âld
 Hjar prael scil 't ús leare hwet moa's wy hjir hâld'.

Us tael komt yn eare by 't Kristenfolk ek
 De bern scil 't ek heare hwet moais wy úntdekk'
 Yn 't Frysk, âl to faek al binefteren treaun, —
 Yn rym en yn ûnrym wirdt Frysk troch ús skreaun.

Dêr binne yet striders for 't âlderlik aerd,
 Dy 't Frysk bin yn 't herte, dy 't Frysk bin yn 't praet,
 Stânfriezen, dy lykwols nin stiifkoppen bin,
 Dy 't âlde waerdearje en 't nije ek b'minn'.

In Fries wol bihâlde, sa jowt men him nei,
 Mar smyt er al 't nije as to flanrich nou wei ?
 Wy moatte foarút, oars fornimm' wy de skea ;
 Foarútgong is libben en stilstân de dea ?

By alles de Bibel, it iwige ljocht,
 Yn skoalle en yn tsjerke wirdt wierheit ús brocht,
 Goung 't eren healslachtich nou hear wy 't wer klear:
 „Troch Jezus-bihâlden, sa riizjet Gods ear !“

Nou maei wy net romje, mar bidde wy tear :
 „O God, lied de Friezen al mear en al mear ;
 O maei it Jo haegje sjuch ginstich ús oan :
 Al mear scil 't den daegje for 't folk en oer 't lân !“

A. WIJBENGA.

Koartdicht.

„Noft, wille, jimmeroan ?“ Soks giet net op 'en djûr :
 Tofolle oly dwest it fjûr.